


2025



DUORSUME FOARLESDEI



stikelbarchjes yn 'e tún

 **Klyster**

NME-sintrum Noardeast-Fryslân en Dantumadiel



FERHAAL

STIKELBARCHJES YN 'E TÚN




Mei de siken ynholden triuwt Marja de doar in eintsje iepen. Binne heit en mem noch yn 'e wenkeamer? Nee, gelokkich net, se lizze fêst al op bêd. Se stapt troch de keamer en dan sjocht se it. De terrasdoar stiet iepen. Sitte har âlders sa let noch op it terras?

Marja stekt de holle nei bûten. It terras is leech. Har âlders binne der net. Fansels net, want it is al midden yn 'e nacht. Soene se fergetten ha om de terrasdoar ticht te dwaan?

Hiel foarsichtich set se in foet op in tegel. Dy fielt noch waarm oan ûnder har bleate fuotten. De blêden fan 'e strûken glimme yn it ljocht fan 'e moanne. Marja sjocht de tún yn, dêr't se koartlyn mei har twillingbroer Tim in tipy boud hat fan bamboestokken. De tipy stiet oan de râne fan it gersfjild. Se hawwe der wylgetûken omhinne draaid en ûnderoan, by de râne, klimplanten plante. Yn de tipy lizze in hiel soad blêden. Blêden dy't earst altyd yn 'e griene kontener ferdwûnen. De tipy ha se net boud om sels yn te boartsjen, mar om **STIKELBARGEN** te lokjen.

Marja en Tim sitte by de Natuerbinde en dêr ha se leard dat it hiel min giet mei de **STIKELBARGEN**. **STIKELBARGEN** ha 'rommelhoekjes' nedich yn 'e tún. Dêr kinne se in nêst yn meitsje, deis yn skûlje en der is mear iten te finen. In soad tunen binne fierstente te lyts as leefgebiet en dêrom moatte **STIKELBARGEN** maklik yn meardere tunen komme kinne. As der poartsjes yn hagen en sketten sitte, hoege se net oer de wei te rinnen. In soad **STIKELBARGEN** wurde deariden as se nachts in wei oerstekke. **STIKELBARGEN** kinne siik wurde as minsken fergif struie tsjin ynsekten of slakken. **STIKELBARGEN** ite dy ynsekten en slakken op.



Soms komt in STIKELBAARCH fêst te sitten yn in fuortsmitten bekerke, in blikje of in net. Dan kinne se stikke. Fivers mei steile kanten binne ek in gefaar. STIKELBARGEN kinne wol swimme, mar net by in steile kant opklimme.

As Marja op it gersfjild stapt, sjocht se ynienen wat bewegen. Wat wie dat? Is der ien yn 'e tún? Of wie it miskien in STIKELBAARCH, dy't se sa graach nei de tún lokje wol? Op 'e nij beweecht der wat achter de tipy. Mar dit is folle grutter as in STIKELBAARCH. Marja skrikt, draait har om en wol gau nei binnen drave. Mar dan grypt ien har by de earm.

'Wat dochsto hjir, midden yn 'e nacht?' flústeret in jonge, klaaid yn in pyama.

'Tim,' seit Marja ferbaasd en lilk tagelyk. 'Do litst my skrikke. Wat dochsto hjir sa let yn it tsjuster?'

'Ik koe net sliepe', seit Tim.

'En dan giest nei bûten ta?'


'Ja, ik woe witte oft de STIKELBARGEN de tipy al fûn ha.'

'Dat kin dochs net sa hurd. De tipy stiet der noch mar krekt. En it poartsje is der ek noch mar in wike', seit Marja. It poartsje sit ûnderoan yn it sket, de STIKELBAARCH kin der trochhinne rinne nei de tún fan Marja en Tim sûnder de wei oer te stekken.

'Mar witst it noait, ik kin hurd gean hear, want STIKELBARGEN ha echt in plakje nedich foar in nêst of foar de wintersliep en binne no hurd oan it sykjen', seit Tim.

'Okee, lit ús tegearre sjen.'

Marja en Tim geane efter de tipy sitten. It duorret lang. Miskien moatte se noch mear dwaan om STIKELBARGEN nei de tún te lûken. De moanne skoot stadich achter de grutte bûkebeam fan de achterbuorlju. It wurdt tsjuster by de tipy. As de STIKELBAARCH komme soe, soene se him net iens sjen, mar wol hearre fansels, want in STIKELBAARCH kin in soad leven meitsje: snoarkje, piipje, gromme..



'Ik gean yn 'e hûs, ik bin wurch', seit Tim úteinlik. 'Moarn wer sjen?'
'Dogge we', seit Marja, en tegearre geane se yn 'e hûs.

De oare deis is it sneon en wer ûngewoan waarm foar de tiid fan it jier. De hiele dei helpe Marja en Tim harren âlders yn 'e tún. Der wurde planten en nije strûkjes plante. Marja en Tim tinke derom dat de blêden net yn 'e griene kontener smiten wurde en dat der gjin slakkegif by de krekt plante plantsjes komt te lizzen. Tim mei fan de achterbuorlju in gat yn it gaas knippe foar de STIKELBAARCH, sa wurdt de route fan de STIKELBAARCH wer wat langer en hoecht er hielendal net de dyk oer te stekken. Marja follet in stevige drinkbak mei wetter.

'Meie wy ek in bakje mei kattedbrokjes delsette foar de STIKELBAARCH?' freget Marja.

'Kinne STIKELBARGEN kattedbrokjes ite, mar hoe komt it dan mei de buertkatten?' wol mem witte.



'As STIKELBARGEN net genôch iten fine kinne om't de tunen te lyts binne of om't der fierstente tefolle opromme is, kinne se byfuorre wurde mei kattedbrokjes mei hinsmaak. We kinne der wat oerhinne sette sadat in kat der net by komme kin en in STIKELBAARCH wol,' seit Marja.

'Hé ja, dat liket my wol in goed plan,' seit mem, 'dat dogge we! Sille we der ek in bakje mei molke bysette?'

'Nee mem. Dat mei net! STIKELBARGEN kinne hiel siik wurde fan molke. Wy kinne better wetter yn it bakje dwaan.'

Marja giet betiid op bêd, mar as har âlders op bêd geane, is se noch altyd wekker. It is fierstente waarm yn 'e sliepkeamer en de moanne makket it der fierste ljocht. Marja rint nei 't rût en set it iepen, mar der komt gjin koele lucht yn. Se leit krekt yn it waarme bêd as se it heart. Gerissel yn 'e strûken, in kreunend lûd as hat ien him stjitten.

Wa is dêr yn 'e tún? Op 'e teannen slûpt se nei it rût. Se skoot it gerdyn in eintsje iepen en sjocht nei de strûken yn 'e tún en nei de tipy dy't fol





yn it moanneljocht stiet. Deastil hingje de blêden oan de twiichjes. De tún liket leech. As se wer op it waarme bêd leit, heart se it wer. Der krûpt ien troch de strûken! Wa krûpt der no nachts troch de strûken? In ynbrekker? Fansels, in ynbrekker! Marja is der wis fan.

Op 'e nij slûpt Marja nei it rût. It lûd komt út in grutte strûk. Foarsichtich sil se nei de sliepkeamersdoar fan Tim rinne, mar op de oerloop, stoarret Tim har oan.

'Wêr silsto hinne?' flústeret er.

'Ik hearde wat yn 'e tún,' flústeret Marja.

'Tinksto dat it in **STIKELBAARCH** is?'

'Nee, **STIKELBARGEN** meitsje net safolle leven, it is in ynbrekker, we moatte der achteroan!'

Wapene mei in biezem en in tennisracket slûpe Marja en Tim nei de grutte strûk yn 'e tún. De ynbrekker hat neat yn 'e gaten en slûpt noch altyd kreunend troch de grutte strûk.

'No', flústeret Tim en hy draaft mei de biezem omheech nei de strûk. Marja draaft mei it tennisracket achter him oan, klear om de ynbrekker as in tennisbal tsjin 'e grûn te slaan. De strûk beweecht en in lytse rûne bal draaft oer it gers.

'It is dochs in **STIKELBAARCH**', laket Marja en se lit it tennisracket op 'e grûn falle.

'High five', seit Tim, 'ús **STIKELBAARCHMISSY** is slagge'.

Geertruida van Assen



FRAGEN

FRAACH 1

Der sit in lyts poartsje yn it sket. Dêrtroch kin in stikelbaarch maklik yn de tún fan Marja en Tim komme.

⇒ WÊROM KNIPT TIM EK NOCH IN GAT YN IT GAAS BY DE ACHTERBUORLJU?

Antwurd 1

In stikelbaarch moat yn in soad tunen komme kinne om genôch iten te finen. Ast meardere poartsjes en gatten yn sketten, hagen en gaas makkest, kin de stikelbaarch maklik yn oare tunen komme. As in stikelbaarch in wei oerstekke moat om yn in oare tún te kommen is de kâns grut dat er oanriden wurdt troch in auto.

FRAACH 2

Mem wol molke yn in bakje dwaan foar de stikelbaarch. stikelbargen fine dat hiel lekker.

⇒ WÊROM MEIST IN STIKELBARCH GJIN MOLKE JAAN?



Stikelbargen ite in soad ynsekten en larven.

⇒ WÊROM MEIST IN STIKELBARCH GJIN MOALWJIRMS JAAN?

⇒ WÊROM MEIST IN STIKELBARCH GJIN BÔLE JAAN?

Antwurd 2

Stikelbargen wurde siik fan molke.

Yn moalwjirms sit in soad aaiwyrt, dat is wol goed foar stikelbargen, mar der sit ek fosfor yn en dêr wurde se siik fan.

Bôle sêdet wol, mar yn bôle sitte te min fiedingsstoffen.



FRAACH 3

- ⇒ WAT MEIST IN STIKELBAARCH WOL JAAN?
- ⇒ HOE KINST FOARKOMME DAT DE BUERTKATTEN IT OPITE?

Marja wol wetter yn in bakje dwaan foar de stikelbaarch.

- ⇒ MAKKET IT EK WAT ÚT WATFOAR BAKJE DAT IS?

Antwurd 3

- ⇒ Meist in stikelbaarch kattedbrokjes mei hinsmaak jaan. In stikelbaarch hat in soad dierlike aaiwiten nedich. Dy sitte yn kattedbrokjes mei hinsmaak. Stikelbargen ite graach fleis en wurde oanlokke troch de geur fan de kattedbrokjes. Let op: der is ek saneamd stikelbargen-iten te keap yn 'e winkel, mar dêr sitte soms moalwjirms, pinda's, mais en oare dingen yn dy't hielendal net goed binne foar stikelbargen.
- ⇒ Kinst it bakje mei kattedbrokjes yn in bak sette mei in iepening dy't grut genôch is foar in stikelbaarch om trochhinne te krûpen, mar te lyts is foar in kat.
- ⇒ It bakje foar wetter moat stevich wêze, sadat it net samar omfalle kin. Kinst it bakje mei wetter oeral yn de tún delsette, sa kinne oare bisten of fûgels der ek fan drinke.

FRAACH 4

- ⇒ HOE KINST IN STIKELBAARCH HELPE OM IN PLAK FOAR IN NÊST TE FINEN OF IN PLAK OM IN WINTERSLIEP TE HÂLDEN?

Antwurd 4

- ⇒ Kinst in stikelbargen-hûs yn de tún sette. Dêr kin in kat net ynkomme en in stikelbaarch wol. De stikelbaarch kin dêr in nêst yn meitsje of in wintersliep hâlde. It hûs moat drûch bliuwe as it faak reint en it moat goed luchtsje kinne. As de stikelbaarch dêr in hiele winter leit te sliepen moat it net fochtich wurde troch syn azem.



Projektkoördinaasje: Yvonne de Beer

Ferhaal en illustraasjes: Geertruida van Assen

Foarmjouwing: Akke Harkema, Brandsma Offset Ferwerd

Webside: www.klyster.nl

Dit foarlêsterhaal wurdt fergees digitaal oan alle 45 basisskoallen yn de gemeenten Dantumadiel en Noardeast-Fryslân oanbean yn it ramt fan de Duorsume Foarlêstdei op 10-10-2025.



De Duorsume Foarlêstdei is in inisjatyf fan NME De Klyster, edukaasje natoer en duorsumens.



KOLOFON

